


7-1-183

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Sytske Dykstra-Bouwuis, tel. 2968
Richt Speerstra-Bakker, ,, 2635
Rients van Buren, ,, 9280
Marten Kikstra, ,, 9269
Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Klaske v.d. Weg-de Groot.

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Wergea.

REDAKSJEADRES: Sylroede 5.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; giro nr. 856.829
t.n.v. Rabobank Bolsward, rek. nr.
3087.56.800 t.g.v. It Skieppesturtsje
Tjerkwerd.

.....

Foarwurd:

In moai begjin fan ús earste Skieppesturtsje yn it jier 1983 is: de "Skieppesturt" fan it jier 1982. Op it nijjiersbal is dizze Skieppesturt en in oarkunde útrikt oan Jelte Speerstra. Wy, as redaksje, wiene it der tige oer iens, dat Speerstra dit fortsjinne hie, foar syn aktiviteiten bitoand oan doarp en mienskip. Hy is foarsitter fan it korps "Eengezindheid", âldfoarsitter fan 'e Oranje feriening "Meinoar-ien", folmacht fan it wetterskip en bistjoerslid fan it suvelfabryk. Foaral yn de earste funksjes hat er yn 1982 in soad dien.

Nou hiel hwat oars.

It type-en stencilwurk fan it Skieppesturtsje is oan't nou ta 6 jier lang dien troch Ineke Dykstra-v.d. Meer. Fan it begjin ôf hat Ineke ús holpen om fan soms hast ûnlêzbere krabbeltsjes, in noflik to lêzen blêd to meitsjen. En net allinnich dat, mar ek as it op vouwen of rounbringen oankaem, stie Ineke foar ús klear.

Ineke, nammens de redaksje en de lêzers, hiel hertlik betanke en we snappe bêst datstou it nou wolris oan oaren oerlitte wolst. Tonei sil Klaske v.d. Weg it type-en stencilwurk dwaen. Klaske sukses.

As lêste woe ik de heer F. Schakel noch even oanhelje, dy't yn it nijs kaem. Yn de 5 jier dat er doarpsomropper is, hat hy nou 40 blyde tydingen omroppen. En de lêste twa sels op ien dei! "Vruchtbare grond", aldus de omropper.

Hwa't nijs hat foar it folgjende Skieppesturtsje, graach foar 15 april unleverje by ien fan'e redaksje.

Sytske.

-.--.-.

It libbene doarp.

Ien Jannewaris; in seal fol minsken dy't slûch it nije jier ynsjogge. Hoe let wie it fannacht ek al wer wurden? Twa, trije of meskien wol fjouwer oere? En dan dêr efter oan noch ris in nijjiersbal! Mar hawar, der leit wer in hiel lang jier foar ús om de skea yn te heljen. Wêrom binne der eigentlik sa folle minsken op en paad? Fansels, elts hat no moai de kâns alle freonen en goekunde lok en seine ta te winskjen foar it kommende jier. Der hinget nei alle útsprutsen goede winsken lykwols noch in heimsinnige sfear. Jûn sil der in antwurd komme op'e fraach: "wa wurdt "Skieppesturt" oer 1982?" Om tsien oere nammentlik, sil troch de redaksje fan de pleatslike doarpskrante "It Skieppesturtsje" bekend makke wurde wa't dizze eare dit kear takomt. Efkes oer tsienen trêdzje hja statich útdost yn sniewite skieppefachten en swarte hege huodden de seal yn. De begearde skieppesturt mei de dêrby hearrende oarkonde wurde op flewiël mei droegen. It rumoer rûn de tapkast ferstommet. Elts docht in stap nei foaren om mar neat fan dit plechtige barren te fersitten. Soe ik meskien.....? Ik ha my dit jier oars wol wat fan'e goeie kant sjen litten.....

Ja, dizze "Skieppesturt" wurdt útlôofd foar aktiviteiten betoand oan doarp en mienskip oer it ôfrûne jier. Nei in hast tsien minuten duorjende tergjend útspûne taspraak falt de namme. Foar ien út'e seal grif in skok teweech bringend. Wol ferwachte of nêt meskien?

Foar de oaren in teken om har noch mear yn te setten foar doarp en mienskip.

Sin of ûnsin?

Is dizze huldiging net in opdriuwen ta prestaasjes yn dizze toch al sa stribberige maatskippij? Wêrom moat de iene beleane wurde boppe de oare? Sa soe men it besjen kinne. Nei myn betinken leit der mear beskûle efter dizze takenning.

Te wenjen yn in doarp hâldt yn, dat je sekere foarrjochten ha, mar der stiet tsjin oer, dat je ek ferplichtingen ha tsjin oer dat selfde doarp. Men kin yn in lytse doarpsmienskip no ienkear net om elkoar hinne. In foarrjocht is help te krijen as it nedich wêze mocht; in plicht is help te jaan wêr nedich. Wat is der moaier as it in oar nei't sin te meitsjen! Sa bliuwt in doarp bewenber en op dy grûnslach kin der wurke wurde oan it fierdere doarpslibben; ferskate ferienings, tûnwedstriden of mei inoar it nije kuierpaad mei de sitbanken ris lâns swalkje.

De ferienings jouwe gelegenheid elkoar te moetsjen; der wurdt praten, tsierd en it skeel wer bylein, wille makke en organisearre. Mei elkoar wurdt der wat op tou setten. En dit "mei-elkoar", is de kaai foar in libben doarp.

Men hoecht fansels gjin wrâldskokkende dingen te dwaan; eltse lytse aktiviteit wurdt wurdearre.

Dizze wize fan libjen soe as fanselssprekkend wêze moatte. Hoe komt it dan dat we dizze manier fan omgean mei elkoar ferleard binne? Us sosjale wissichheden hawwe der grif gjin goed ta dien. Wa't him net rêde kin, kin ommers wol by de oerheid oanklopje; buorman is dan frij! Dizze tiid fan besunigingen, je nêst-yn-tel-fielen en gjin moed mear foar de takomst hawwen, kin noch wol ris it heil foar de minsken betsjutte. Mei-elkoar sille we der wat fan meitsje moatte. Net mear ôfskowe, mar sels de skouders der ûnder sette. Sawol yn lyts, as yn grutter ferbân. Om myn part wurde der noch in protte "Skieppesturten", "Oaljebollen" en Brijbekken" útdield.



Berichten van de dorpsomroeper.

Wij zullen de koek 1983 maar eens even flink aansnijden. Het is maar eens goed geweest dat hier destijds een aantal lieden de noodzakelijke steen in de vijver gooiden van de toen redelijk rustig voortkabbelende gewoontes ter plaatse.


Vooreerst vind ik het nog steeds een nobel gebaar van de Redaktie van de Dorpskrant die er bij blijft dat goede werken voor dorp en gemeenschap nu eenmaal beloond moeten worden, en dit is dan de 1ste jan. j.l. weer geschied. Volkomen en terecht verdiend.

J. Speerstra en de andere skjippesturten met mij mogen gerust zeggen: "het is nu eenmaal niet niks, en zo is het!" Wat natuurlijk niet weg neemt dat er hier genoeg mensen in onze samenleving zijn die ook genoeg doen, ik zou niet graag het tegenovergestelde beweren.

20 jaar geleden

De 18e jan. was het precies 20 jaar geleden dat de laatste elfstedentocht per schaats ons dorp voorbijtrok.

Ijzige wind en sneeuw en temperaturen overdag meer dan 10 graden onder nul. Velen weten nog wel de afloop. De groenten en fruitkoopman van de Kade 8 destijds verkocht gepelde sinaasappels aan de schaatsters.



45 jaar geleden

Op 31 januari 1938 ging in de morgen onze fanfare door het dorp te ere van de geboorte van H.M. Koningin Beatrix. Het was koud en het vroom en er lag sneeuw. 's Avonds feestavond met O-bitter en pils in de Harmonie. De feestleider was dhr. Hibma. Al met al ik was toen pas 18 jaar maar ik kan mij nog heel goed herinneren dat de mensen toen ook wel dorst hadden.

Degenen die binnenkort ^{uit} ons dorp naar elders vertrekken het beste toegewenst en de binnenkomende een goed verblijf onder ons. Vervolgens beste lezers maken we even pas op de plaats en gaan dan inderdaad wel iets van de hak op de tak, maar het is nu eenmaal niet anders.

Berichten uit

vroegere jaren.



Een bevriende relatie uit de Kerkstraat 11a hier ter plaatse liet mij de L.Courant van 17 juni 1903 toekomen. Ik citeer het volgende:

- Leeuwarder Courant - 152ste jaargang No: 140
- Prijs per kwartaal f 1,75 - Franco per post f 2,30
- Afzonderlijke nummers f 0,05 ct.
- De prijs per advertentie bedroeg van 1-3 regels f 0,75 ct
- Grote letters worden naar plaatsruimte berekend.
- Uitgevers: Erven Koumans Smeding - Leeuwarden.
- De Courant verschijnt dagelijks, behalve zon- en feestdagen.

Kerk en Schoolnieuws, Benoemingen enz.

Benoemd tot hoofd der met sept. a.s. te openen Chr. School te Baard de heer R. Wierda te Blija.

De Doopsgezinde Ds. A. v.d. Wissel nam afscheid van de Gem. Drachten-Ureterp wegens zijn vertrek naar Leiden. als beroepen voorganger der Vrijz. Herv. Gem. aldaar. Hij sprak naar aanleiding van Num. 6 vers 24-26. Het kerkgebouw was stampvol. De vele vrienden die bovengenoemde Preekheer zich daar had verworven zagen hem dan ook met leedwezen vertrekken.

Eveneens was dit het geval op diezelfde 14de juni met Ds. R. Hazelhof die na 8 jaar afscheid nam van de Herv. Gem. te Schalsum en vertrok naar Grijskerk. De afscheidspraak daar ging naar aanleiding van Ps. 143:5.

Aan personeel werd er gevraagd:

- Eene meid, melken niet bepaald vereischt bij Leeuwarden.
- Stationskoffiehuis in Franeker vraagt Dienstbode, netjes kunnende werken.

- Flinke dienstbode, goed kunnende melken bij Sneek.
- Net meisje, goed kunnende naaien en met alle huiselijke bezigheden bekend. Brieven onder No.
- Brandkastmakers vraagt van der Ploeg - Voorstreek in Leeuwarden.
- S. Ringnalda, Oosterdijk Sneek vraagt slagersleerling.
- M. Buwalda, Achter de Hoven in Leeuwarden vraagt bakkersknecht ten deele zijn vak verstaande.
- Kruideniersbediende P.G. bij Bolger en Zn. te Bolsward.
- P.J. Plantinga te Workum vraagt schoenmakersknecht, nette werker, vast werk, tegen kost, inwoning en hoog loon.
- Bij Hamringa in Dronrijp worden timmerknechten gevraagd.
- Bekwame schildersknechten vraagt W.J. Oosterhof te Sneek.
- De Coöp Stoomzuivelfabriek te Workum vraagt melkonderzoeker. Er kan 8 gulden per week verdiend worden.
- Dan word er in de Provincie nogmaals een ijverig persoon ongehuwd, van solied gedrag gevraagd door een zuivelfabriek. Het loon is hier eveneens 8 gulden per week.

Veemarkt Sneek 16 juni 1903.

Aanvoer 163 koeien f 120,- tot f 265,-
 10 stieren f 110,- tot f 270,-
 181 kalveren f 18,- tot f 45,-
 175 nuchteren kalveren f 6,- tot f 9,-
 256 schapen f 16,- tot f 32,-
 169 lammeren f 8,- tot f 13,-
 253 varkens f 25,- tot f 80,-
 68 biggen f 6,- tot f 10,-
 42 paarden f 60,- tot f 200,-



Handel in melke en kalve koeien en kalveren gewild
 schapen vlug. Lammeren, varkens, biggen en nuchteren
 kalveren behoorlijk.

Tenslotte:

Hopende dat u deze bijdrage leest het u niet zo vergaat
 als die tuinman die zijn rozentuin wiedt en begiet en
 vergeet om de geur op te snuiven!

Allen de hartelijke groeten van
 de dorpsomroeper.

In het volgende nummer:

Over de handel en wandel van de Tjerkwerder middenstand
 van de laatste 50 jaar.

"Conspirito"

Hier eens een berichtje van "Conspirito". Het jeugdkoor draait nog steeds. Gelukkig maar, want vorig jaar om deze tijd, stond het er niet zo best voor. Jan Blanksma hield er mee op, maar Age Gietema wilde dat tijdelijk wel even overnemen. Nu staat Age er nóg voor en dat voldoet prima! Sinds januari 1983 is onze gitarist Feike Mulder er mee opgehouden. Erg jammer, maar we willen wel verder gaan. Bauke Couperus uit Parrega zal proberen zijn plaats over te nemen. Aangezien we nu geen begeleiding hebben moeten we acapella zingen, wat toch wel moeilijk is.

12 Februari j.l. zijn we in Makkum naar het solistenconcours geweest. De heren van het koor vertegenwoordigden "Conspirito". Dit waren: Meinze Bakker, Klaas Reinsma, Klaas Nauta, Germ Reinsma, Hans Batteram, Sietse Reinsma en Egbert Batteram.

Age Gietema dirigeerde hen. Ze behaalden een 1e prijs met 51 punten, met het leuke liedje K-K-K-Katy.

Als er nog jonge mensen zijn die graag mee willen zingen, dan ben je van harte welkom.

S D

S. P.

[illegible]

Nijs fan 'e "Oranjeferiening".

Oer goed 2 moanne is it alwer safier. "Keninginnedei". Dit feest sille wy lykas oare jierren wer mei de Sportferiening organisearje. Deis binne der wer tal fan sporten en spullen û.o. keatsen, volleybaljen, en foar de bern in "kermis van sporten". Middeis is der foar de bern wat yn "'t Waltahûs". Wat? dat bliuwt noch efkes in ferrassing. En fansels wurdt der ek wer fuotballe tusken de trouwen en de net-trouwen.

De jûns spilet de Krite fan Makkum it stik:"TWA KIBJE TWA SKULD", in blyspul yn twa bedriuwen. Nei ôfrin is der noch dûnsjen.

It folsleine program kinne jimme tsjin dy tiid fan ús ferwachtsje.

1 2 3 4 5 6 7 8

It doarpsfeest is steld op freed 19 en sneon 20 aug.
Twa dagen feest mei 6-kamp. Skerpje jim fêst wat op foar
de teoryronde, en tink ris oer in ûnderwerp foar in stikje
en hâld dizze dagen frij!!

It bestjoer-Joke Schukken.

Stikje oer de wynmole.

Der sille grif minsken yn Tsjerkwert wêze, dy't graach it ien en t'oare witte wolle oer de mole, dy't sûnt 6 okt. 1982 by ús omheech kommen is. It is net de bedoeling om der 3 keer op werom te kommen, lykas Pier Zijsling dat dien hat mei de Beabuorster mole, alhoewol "stof genôch".

Doe't wy hjir kamen te wenjen krigen wy û.o. in brea-plankje wêr't op stie: "Wiide romte en trochgeande kjeld, dat is de klaai". Net dat dit no daliks de reden west hat fan dizze mole, mar kjeld en wyn hat in soart meiinoar te krijen en fan dat lêste sille wy it dochs ha moatte. Op 18 nov. is de boel (elektrysk) oansluten en koe de stream-levering begjinne; it gie der doe daliks al fiks tsjinoan mei wynkrêft 8 - 9. Wy koene dus alles bysette om safolle mooglik stream sels te brûken (kachels of waskmesine).

Faaks wolle jimme wat mear oer de mole sels witte: de mêst is 18 meter en de wjukken binne elts 5.50 meter lang, sadat it heechste topke $23\frac{1}{2}$ meter boppe de grûn rikt. Om it spulstje dochs rjochtop te hâlden, is der in fundamint lein fan $11m^2$ beton. Boppeyn de mole sit in dynamo (generator) fan 15 kilowatt; dus mei in goede wyn kinne der 150 lampen brûne fan elk 100 watt. Safolle lampen brûke wy net, mar wol oar spul, lykas de molkmesine-motor - kuoltank - mjukserijmotor. Gewoanwei hawwe wy in "pyk-ferbrûk" fan 4 à 5 kilowatt; dat hâldt dus yn dat wy tefolle stream leverje mei in knap wyntsje; wat der dan tefolle is, wurdt werom levere oan P.E.B.

Dus, as jimme kofjesetautomaat wat ekstra prottelt, komt dat faaks omdat der dan noch wat wyn troch de stream sit. (grapke) In protte minsken freegje ús oft wy der nachts ek ôfmoatte om de wyn te hâlden. Lokkich net, der sitte oan'e siden fan de mole 2 lytse wjukken (servo's) dy't de koe fan'e mole presies op'e wyn hâlde.

In oare fraach is oft wy de stream ek opslaan kinne yn accu's of sa. Soks kin wol, mar it wurdt net dien, omdat dat te omslachtich is en te djoer en de capaciteit te lyts is. Dizze mole levert 220/380 volt-wisselstream, it opslaan yn accu's moat mei 24/-12/-6 volt gelykstream barre. Ien fan'e kondysjes as men stream oan it P.E.B. levert is, dat yn gefal fan storing yn it P.E.B.-net, de mole ek útfalt (oars trilje de hannen sa fan de elektriciens as sy de storing oplosse moatte).

In oar ding is dat it toetretal fan'e mole altyd by de 65 slaggen yn'e minút sitte moat. Dêrfoar is der in frij ynge-
wikkeeld systeem makke, dat diels hydraulysk (oliedruk)
en diels elektroanysk arbeidet.


De wjukken wurde troch oaljedruk yn'e juste stân hâlden,
op oanwizing fan'e elektronika.

In belangrike kwestje is, as it ding wol rendabel is:
op grûn fan ûndersyk is der nei te gean hoefolle wyndagen
(en de sterkte) as der op in bepaald plak binne (gemiddeld)
dêr sitte wy hjir frij geunstich mei;

- it hinget ôf fan hokfoar bedriuw men hat (hoefolle
stream men gemiddeld ôfnimt)
- hoefolle oft P.E.B. betellet foar de weromlevere stream
(op dit moment 10 sinten)
- hoefolle as wy foar de stream betelje moatte (25 ct.)
- fansels hoefolle oft de mole kostet.

Dat lêste wurdt men hjoed-de-dei
aardich mei holpen, as
men wit dat der 50% subsydsje
jûn wurdt, te witten;

- + 12% W.I.R.
- + 5% lytskalichheitstaslach
- + 8% fan'e Provinsje Fryslân
(= 300 gûne de kilowatt)
- + 25% wyn / milieu-taslach.




sjoch oare side

It is fansels net sa, dat wy de mole koft hawwe om der grau jild út te slaan, mar yn in tiid wêr't de energie nochal krap is, kin men - as de kâns der is - dochs besykje om der wat oan te dwaan. Ien fan dy dingen is in wynmole. Hy stiet wolris stil fansels, mar wy binne ek allegearre wolris oan (wyn) stilte ta, mar op it moment slacht hy der dochs wer sa'n 5 kilowatt út.

De mole sels is makke troch in broer fan my - Beant - dy't ek de molens foar "Paques" yn Balk ûntwikkele hat. Dizze is de 1ste yn syn soarte (prototype), mar sa as it'm oansjen lit, net de lêste.

Jehannes Dykstra.

P.S. Op sneon 26 febr. kinne belangstellenden komme om de mole fan tichtby te besjen; graach fan 10 oant 12 oere.



Foar alle lokwinsken, blommen, taarten en kado's, krigen by de berte fan ûs

FOLKERT

wolle wy jimme hertlik betankje.

Gosse, Coby, Jan-Germ en Jacob Hofstra.

Bijdragen binne kommen fan:

Y. Witteveen - Beabuorren, D. Bakker - Boalsert, D. v.d. Wal - Dedzjum, gebr. Gaastra - Parrega, mefr. S. de Jong - Waltawei, H. Schakel - Sylroede, mefr. Bakker-van Rijs - Beabuorren, B. en R. Bakker - Waltawei, B. Burghgraef - Boalsert, F. Reidsma - Ljouwert, B. Bruinsma - Dedzjum.

ûs hertlike tank hjirfoar.

Boarterssealtsje "It Pjuttehonk".

Op 1 febr. hawwe wy ús âlderjûn hân. Erika Helder koe sa'n 23 memmen en ien heit wolkom hjitte. Dat der safolle oanwêzich wiene, wie foar it bestjoer in moaie stipe. It docht ús dochs bliken dat der noch in protte argewaasje tsjinoer it boarterssealtsje bestiet, dat is wol jammer. Om de minsken dochs in yndruk te jaan hoe as it no om en ta giet, hie Rika Fabriek in film makke fan sa'n trije kertier. Hja wie 2 moarnsskoften op it boarterssealtsje west om fan alles wat der op sa'n moarn bart wat te filmjen. Ek Jelte Speerstra wie oanwêzich om no dochs ris te sjen wat Richtsje moarns mei it lytse guod útfynt. Tusken de bedriuwen troch fertelde Richtsje it ien en oare oer it boartsjen. It wie foar de measten wol moai om no ek ris te sjen wat de berntsjes sa moarns al by it ein hawwe. Yn jannewaris koene wy twa nije peuters wolkom hjitte n.l. Peter Ouderkerken en Jan Nota, Jacob Hofstra is yn febr. nei de kleuterskoalle gien. Binne der noch mear bern dy't wol nei ús ta wolle, kom dan mar ris op in tiisdei- of tongersdei-te-moarn te sjen yn de boartersseal, jimme binne tige wolkom. Fanôf febr. is Marijke Galama by ús as fêste help; we hoopje dat it har foldwaan mei.

Nammens it bestjoer en liedster fan
"It Pjuttehonk".



Boargerlike stân:



Op 5 jannewaris waard
Folkert Hofstra as soan
fan Gosse en Coby berne, Theo
en Thea Haarsma krigen ek in jonkje:

Haye Michiel. Op 23 jannewaris hie de earrebarre
it tige drok. Twaris moast hy "ûtrukke": Auke en Jelly
de Haan krigen in jonkje: Jelmer Rutger; by Douwe en Ytsje
van der Werf waard it in famke: Trees Marijke.

Op freed 27 jannewaris trouden Feikje Kroontje en Eelke
Veenstra en sy teagen nei de wâlden.

Us âld_doarpsgenoat Dirk Bakker, 83 jier, ferstoar yn
Huyksteine, dêr't hy en syn frou noch mar krekt wennen.

=====

Het groene kruis.

Hier zijn nog enige bijzonderheden aangaande het Groene Kruis afd. Tjerkwerd, Dedgum, Parrega, Hieslum, Exmorra en Allingawier. Bestuursleden waar inlichtingen ingewonnen worden, zijn voor de dorpen Exmorra en Allingawier: S. Postma, voorz. en mej. Ringnalda; voor Parrega en Hieslum: mej. E. Feenstra, mej. Postma, Plantinga; voor Dedgum Tjerkwerd: mej. Bakker, Dedgum, G. Brandsma, secr. en Hendriks. Mevr. C. Hofstra-Draayer is de beheerder magazijn Er komen nog wat nieuwe onderdelen bij o.a. 3 bedden, 3 weegschalen, stoel met steek, 4 schapevachten en een zitring. De contributie 1983, welke in maart weer wordt opgehaald is een klein beetje verhoogd. Gezinnen: f 38,-- alleenstaanden: f 32,50. Als u het een of ander uit het magazijn moet gebruiken, even uw contributiebewijs tonen, anders kunnen onze magazijnhouders niet nagaan of ze lid zijn. Degenen, die geen lid zijn, en toch gaarne er gebruik van maken zullen f 93,75 moeten betalen. Met ingang van 1 april komt er een nieuwe wijkverpleegster, het adres zal nader bekend gemaakt worden. Zij, die alsnog lid wensen te worden, kunnen zich opgeven bij de adressen: G. Brandsma Kerkstraat 2 en P. Hendriks - Waltaweg 2. Het groene kruis draagt zorg voor zieken, a.s. moeders, zuigelingen en kleuters. word lid van deze vereniging.



Het bestuur.






Kikkerts yn't Skieppesturtsje.

Jawol, twa kikkerts op'e fyts.....

It is ús bedoeling, dat jo in stikje skriuwe, in gedichtsje meitsje of sa oer boppesteand plaatsje. Jo soargje der foar dat it by de redaksje komt en wa wit stiet it yn it folgjende nûmer. Sterkte!!!!



Machtich..... dat der yn in
lyts doarpke as Tsjerkwert noch
in korps spilet!

Ynwenners fan Tsjerkwert e.o.:
Sneon 26 febrewaris geane we
allegearre nei it konsert yn'e
Herf. Tsjerke, de jûns om 7.45
oere.

Der sit gâns fariaasje yn it programma, der binne
solisten en fansels spylje de jeugdleden.

Nei ôfrin fan it konsert geane we nei it Waltahûs.
De Vote's sitte klear om foar dûnsmuzyk te soargjen.
Dus: allegearre "Eensgezind" efter de muzyk oan!!!

Oant sjen sneon de 26ste!!!!

ROMMELMERK.

Us korps Eensgezindheid hat ferlet fan nye ynstrumenten
en dy binne djoer!

Dêrom wurdt der meikoarten in rommelmerk organisearre
en dus hat men "Rommel", mar fansels ek goede dingen
nedich.

De measte froulju hawwe al wer sin oan it hûshimmeljen
en dan wurdt der ek wol it
ien en oar fuort dien.

Doch neat fuort,

mar bewarje it foar us
korps. De leden helje
it wol op!!!!!!



- Siep en Anny hawwe in nye hûn en it is och sa'n leaf bist. Op in dei friet er de rânne fan Siep syn nije hoed, it dekje fan it sadel en as "toetje" gongen de nije fyts-tassen der oan. Dat wie yn ien dei likernôch 100 gûne. Adfys fan'e redaksje: Flora, Hols, Pittah.....
- Tsjerkwert hat in iisbaan!! Efterhûs by Hille en Lutske. It is in keunstiisbaan mei natoeriis. Lytse Rixt Nynke hat it baanrekord mei in rûntsje fan 33,2.
- De korpsleden brûke yn it Waltahûs in krante foar de flibe. Hein G. lêst de sportpagina en sjocht efkes fierder in kreas frommiske yn in koarte broek; Hein G.; dizze blêdside hâld ik jûn foar my!
- It die âldjiersdei bliken dat de Ljouwerter krante op'e "valreep" djûrder wurden wie.
- It hoantsje is fan'e toer waait, mar neat te rêdden, want Haje K. fuorret him eltse moarn.
- Marten van der W. hat oanbean om dûmny Nijenhuis mei de pream te ferfarren.
- Pier B. hat lytse geitsjes; in jonkje en in famke.
- It Tsjerkwerter volleybalteam waard diskwalifisearre. Reden: we hiene in prof-spiler (Sjoerd Bakker) en dat mocht net by de amateurs.

**IK WIST NIET DAT
M'N EIGEN BLAD
ZOLEUK WAS!**



- De drumseksje fan ús korps hat muoite mei "Eensgezindheid", wordt vervolgd.
- De jarretanken fan Ule meitsje drok wurk, as lytse Jolt van Buren sa'n tank sjocht, seit er: Ule syn bier-tanken! Heit van Buren hat it bier leaver út in oare tank.
- De katten fan Auke en Jelly drinke út'e fiskkom. adfys oan'e fisken: dûke!!!!
- ús redaksjelid M.K. syn caravan hat de stoarm net trochstien; alhiel oan diggels lei er op in taksateur fan'e fersekering te wachtsjen. Doe't dy einlings kaam, hiene oaren de brokstikken st....., meinommen.
- Bea Gietema hat op in hurdridery fan famkes in tredde priis wûn yn Oude-horne. Der diene 46 famkes mei.
- Douwe en Ytsje hawwe in nije efterdoar. Hy koe prachtich ticht, mar nei't boad-skipjen net wer iepen. Buorman brocht útkomst mei in



3



3